

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41



© Foto Wytske Heida

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Age Jans de Vries út de Jouwer is yn 1836 by timmerman Johannes Paulus Spiering yn tsjinst as timmerfeint yn'e nije timmersaak op Tsjaerddyk 44. Hy kriget ferkearing mei Baukjen Ades Jorwerda, dy't tsjinstfaam is yn it doarp.

“It is mienens” en se trouwe yn 1837 yn Folsgeare dêr't se ek hinne gean te wenjen. Harren twadde bern Aede wurdt op 29 juny 1842 berne. Aede wurdt troch syn heit oplieden om krekt as him timmerfeint te wurden. Hy groeit goed en flot op en leart lêzen en skriuwen op'e nije skoalle.


Yn 1852 ferhuzet de húshâlding nei Easthim. As Aede 18 jier âld is, ferstjert syn heit, noch mar 53 jier âld. Aede is no as âldste soan ynienen gesinshaad en moat de kost fertsjinje foar de húshâlding. Syn takomstplannen wurde hjirtroch útsteld mar útstel betsjut gjin ôfstel. Als hy 34 jier is, is hy wer frij om syn libben op te pakken. Hy trout mei de 20 jierrige Marijke Zandstra en se komme yn Folsgeare op it Streekje te wenjen dêr't hy as timmerfeint begjint by Auke van der Velde. Yn 1877 ferhúzje se nei Hichtum dêr't Age Aedes berne wurdt. Nei syn berte geane se yn 1879 wer werom nei Folsgeare.

Dorpscanon van Folsgeare


Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Aede de Vries keapet yn 1879 de westlike helte fan it perseel fan'e eardere slachterij / bakkerij (kadaster nû 713). Op dit perseel stiet it âlde bûthús fan'e slachterij en hjiryn begjint hy syn klusbedriuw. Hy moat lykwols fan'e grûn ôf begjinne mar kriget û.o.wurk oan'e tsjerke, toer en de tsjerkehuzen fan'e tsjerkfâden taskikt. Nei in pear jier giet it goed mei it bedriuw en hy bout der om 1880/1881 hinne in wenhûs foar (Tsjaerddyk 28).



Folsgeare 1879



Folsgeare 1880/1881

Aede de Vries begjint yn it bûthús fan'e âlde slachterij syn timmerbedriuw.

ôfb. kadaster

Yn 1889 beslute Aede en Marijke nei Snits te ferhúzjen en sette it pân te keap.

De keaper fan it pân, Hessel Rintjes Boschma, boer op Tsjaerddyk 31, ferhiert it nei alle gedachten wer oan Gerrit Willems Twijnstra.

Gerrit Willems, syn frou Sjoerdje Bergsma en de bern komme fanút Goutum yn 1888 wer werom yn Folsgeare. Hy is de soan fan Willem Sjerps Twijnstra en wurdt no timmerman.

Yn 1902 ferhuzet Gerrit Willems mei syn húshâlding nei Tsjaerddyk 44, dêr't se ynlûke by Jaring Zoethout. Jaring Zoethout is dêr skilder en Gerrit Twijnstra timmerman. Twa timmerbedriuwen (op nû 28 en 44) yn Folsgeare is tefolle fan it goede en it timmerpân op nûmer 28 wurdt wer in komelkerij.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Yn 1907 komt Yde van de Lageweg op Tsjaerddyk 28 te wenjen. Yde komt út Warkum en is yn 1906 troud mei Elizabeth Hendriks van der Goot, ek út Warkum.



1909

Elizabeth van de Lageweg stiet mei har soantsje Gerben (berne yn 1907) op de earm efter de famkes: Djoeke Postma, Gepke Cnossen, Maaïke Sweering, Wietske Boschma en Aaltje Postma by it tsjerkehûs (rjochts). foto db Folsgeare

Nei it ferstjerren yn 1911 fan Bottje Meinderts Wijnia komme der yn Folsgeare meardere pannen yn'e ferkeap dy't har al ferstoarne man Hessel Rintjes Boschma yn'e rin fan jierren oankocht hie.

Sa komt de bakkerij te keap dy't hierd wurdt troch Pieter Beeksma, lyk as de komelkerij dêrneist dy't hierd wurdt troch Yde van de Lageweg.

Pieter Beeksma keapet yn 1912 beide pannen en ferhiert de komelkerij nei it fuortgean fan Yde yn 1913 oan Marten Douwes Eppinga.


Marten Douwes Eppinga is timmerfeint maar wol foar himsels begjinne. De komelkerij wurdt wer in timmersaak. Marten Eppinga trout yn 1914 mei Elizabeth Maria Katharina Kluiwstra. Yn 1916 ferkeapet Pieter Beeksma perseel 713 oan

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Marten Eppinga mei de bedoeling dat de skieding tusken beide perselen fanôf de Tsjaerddyk rjochtút lâns de eastkant fan it hûs fan Marten nei de opfeart rint. It âlde bûthús stiet no foar in part op it hiem fan'e bakkerij en wurdt yn 1916 ôfbrutsen.



ôfb. kadaster

Yn jannewaris 1917 freget Marten Eppinga in boufergunning oan foar de bou fan in timmerskuorre.

De skuorre wurdt tusken syn eigen hûs (Tsjaerddyk 28) en de komelkerij fan Feike Sjerps Twijnstra (557 / no Tsjaerddyk 26a) boud.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41



De trije jongste bern Eppinga:

Tjitse, Geeske en Jappie foar it hûs fan'e
fam. Sweering

foto db Folsgeare

Nei de 2^e WO, om 1949 hinne, wurde der oan de noardkant fan'e Tsjaerddyk nêst it âlde tjerkehûs fjouwer nije wenningen boud tsjin it hûs fan Marten Eppinga oer. Fanút syn wenkeamer kin hy folgje hoe't boubedriuw Feenstra út Nijlân de wenningen bout. De sosjale hierwenningen wurde nei it opleverjen troch de grutte boeren fan Folsgeare yn it begjin brûkt as arbeiderswenningen.

Marten Eppinga wurdt âlder mar hat net in soan dy't it bedriuw oernimme wol.

Yn 1956 ferkeapet hy it bedriuw oan Jelle Wiersma dy't it jier dêrfoar troud is mei Minke van der Goot.

Marten Eppinga ferhuzet nei Tsjaerddyk 48 (no Speelman) dêr't se noch wenjen bliuwe oant 1965.



Jelle Wiersma en Minke van der Goot

foto: db Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Folsgeare om 1950 hinne

foto útjouwerij van
der Meulen bv Snits

De Tsjaerddyk is in smel strjitsje. Rjochts op'ê foto stean it âlde tsjerkehûs fan Tsjerk (Lytse Tsjerk) en Baukje Wiersma en it hûs fan Fedde en Tryntsje de Jong dy't der sûnt 1931 wenje. Op it plak dêr't de heaberch fan Pier Cossen stiet, stie destiids de "Tempel".



Jelle hat ferlet fan mear romte foar it opslaan fan syn boumaterialen en hy siket mooglikheden ta útwreiding. Tsjerk Wiersma, meast Lytse Tsjerk neamd, hat yn 1929 it âlde tsjerkhûs oan de noardkant fan de Tsjaerddyk fan de tsjerke kocht. Tsjerk ferstjert yn 1941 en syn frou Baukje Postma yn 1959. It eardere tsjerkhûs is tal fan kearen opkalefattere, mar is no hielendal op. Nei't Baukje stoarn is, keapet Jelle Wiersma it pân. Hy sloopt it en set der in nije timmerskuorre del.

Fedde en Tryntsje
wenje yn it hûs nêst
de timmerskuorre.

De wite auto stiet foar
de timmerskuorre.

Douwe Posthuma mei
kuierstok

foto: db Folsgeare



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Jelle hat no genôch romte foar syn boumateriaal en set foar de tagong in hek del. It hûs dêr't Fedde en Tryntsje de Jong yn wenje, bliuwt stean en dêr is de Tsjaerddyk noch tige smel. It autoferkeer nimt ta en der is ek net in soad parkeargelegenheid yn'e strjitte. Ta grutte argewaasje fan Jelle Wiersma stiet der gauris in auto parkeard foar de tagongshikke fan syn timmerskuorre. De dyk liket fan'e kant fan Nijlân ôf aardich rom, mar yn it âlde sintrum is de Tsjaerddyk tige smel.

22-06-1963

foto: de Tijd/Maasbode



Lize Beeksma op we
nei hûs

Jelle besiket mei in spreuk op'e tagongshikke de ynrit autofrij te hâlden.



Ljouwerter Krante 12-03-1975

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

No't der in nije timmerskuorre oan'e oare kant fan'e strjitte stiet, wurdt de âlde timmerskuorre nêst it hûs ferboud ta kantoarromte mei opslach. De komelkerij dêr' Feike Sjerps (26a) wenne, wurdt ek troch Jelle kocht, wêrne't hy it kantoar mei de komelkerij ferbout ta ien wenromte.



Folsgeare 1960

foto: Jacob Kuipers

Links Tsjaerddyk 28 mei dernêst it kantoar/opslach romte en dêrnêst de earder komelkerij.

Rjochts Tsjaerddyk 26 mei de âlde hege stâl dernêst dy't yn 1983 syn hjoedeiske foarm kriget.

Jelle keapet ek it perseel dêr't Fedde en Tryntsje wennen en it lege plak dêr't de "Tempel" stie. Op dat plak bout hy in nij hûs tsjin de nije timmerskuorre oan. (Tsjaerddyk 41)

Yn 1981 wurdt it hûs op Tsjaerddyk 28 ferkocht oan Johannes Hooymans en Jelle Wiersma ferhuzet nei Tsjaerddyk 26b, de âlde timmerwurkpleats. Syn soan Epke wennet mei syn frou Tineke Hettinga Yn'e eardere komelkerij op 26a.

Yn 1983 is it nije hûs klear en Jelle en Minke geane nei Tsjaerddyk 41 ta te wenjen. Epke Wiersma lûkt dan yn beide wenningen.

Yn oktober 1986 ferhuzet Epke Wiersma mei frou en bern en komme de wenningen 26a en 26b te keap. Sjirk van der Meer keapet beide wenningen yn 1987.

Jelle Wiersma hat gjin opfolger en yn 1990 ferkeapet hy syn hûs oan Anne van Dalfsen en giet werom nei Gaasterlân dêr't hy wei komt.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 28 en 26b

Tsjaerddyk 41

Op nûmer 28 wennet ûnderwilens muzikant Ducan Taylor. Henk en Dieuwertje van Dalfsen keapje yn desimber 2004 de wenning.

Nei't hja mei harren bern fuort geane nei Nijlân, wurde Maaïke en Berry v/d Mark ein 2014 de nije eigners fan it hûs.



flnr 28,26b,26a

foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: db Folsgeare, LC, De Tijd/Maasbode, Jacob Kuipers, Wytske Heida

Kaarten: kadaster

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.